



Desimber 2023

Bêste donateurs en belangstellenden,

Graach wolle wy jim wer ris ynformearje oer ús aktiviteiten.

Brûnzen byld fan Paulus Folkertsma

Sa't wy earder oanjoege, hawwe wy it inisjatyf nommen om in brûnzen boarstbyld fan Paulus Folkertsma yn Aldeboarn te realisearjen.

Der hat in soad oerlis west, byldhouwer Ben van der Geest hat de opdracht krigen foar in ûntwerp en hat de buste, op basis fan in protte foto's, yn klaai makke.

Der is in crowdfundingkampanje úteinset en der binne subsydzjes oanfrege by ferskate ynstânsjes, dêr't positive reaksjes op west hawwe.

Wy hawwe yntusken de finânsjes foar it byld regele, mei tank oan eltsenien dy't bydroegen hat!

It ûntwerp is no by de brûnsjitter en de definitive ferzje fan it boarstbyld is yn de maak.

Dit is in yngewikkeld en lang proses en it sil pas begjin takom jier wêze dat it boarstbyld klear is en pleatst wurde kin.

Wy wolle jo nochris betankje foar jo stipe yn it ôfrûne jier, jo bydrage is tige wichtich om ús doelen te berikken.

Jo helpe ús sa by it útfieren fan ús taak om Paulus Folkertsma syn muzikale neilittenskip te behearjen en syn muzyk te promoatsjen.

It bestjoer fan de Paulus Folkertsma Stichting winsket jim in lokkich, benammen sûn en muzikaal 2024 ta.

NIJS is in útjefte fan de
Paulus Folkertsma Stichting.

NIJS wurdt tastjoerd oan
donateurs en belangstellenden.

Redaksje: Sekretariaat fan de
Stichting, Hemma Oddastrjitte 13

8927 AA Ljouwert

Donaasjes: minimaal € 11,50 per jier
bankrekkennûmer

NL65 RABO 0131587048

t.n.f. Paulus Folkertsma Stichting.

Ynternet: www.paulusfolkertsma.nl

E-mail: info@paulusfolkertsma.nl

Keamer fan Keaphandel nr. 41004030